



FANTASTEN EN STJONKTSYSKES

(Die unglaubliche Geschichte vom gestohlenen Stinkkäse)

In klucht yn trije bedriuwen fan

BERND GOMBOLD

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

Nederlânske tekst fan

Hub Fober

Nederlânske titel

Festival der fantasten

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **FANTASTEN EN STJONKTSYSKES – DIE UNGLAUBLICHE GESCHICHTE VOM GESTOHLNEN STINKKÄSE** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **BERND GOMBOLD** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2015 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

E-mail: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

KEES STIKKELBROEK, timmerman, mei mear oandacht foar syn inerlik, foaral at it om floeiber iten giet, as foar syn uterlik.

SELMA STIKKELBROEK, syn kordate en enerzjike oare helte, dy't, al is it net daliks te sjen, nettemin de broek oan hat.

FRANK STIKKELBROEK, harren soan, dy't noait om in ferlechje ferlegen sit.

JOHAN GELDERS, freon fan KEES, opperwachtmaster, dy't it, op syn spesjaal wurkgebiet, bysûnder mei himsels troffen hat.

RITA GELDERS, syn oare helte, hearsksuchtich, ûnmeilydsum, op it hystearyske om 't ôf, tegearre mei SELMA foarmet se in net te ferslaan duo.

EUGENIE, húshâldster fan de pastoar, al op leeftiid, mar nettsjinsteande dat noch in mûlwurk as in mitrailleur, sawol yn klean as yn opfettingen hiel âlderwetsk.

HUGO STOOP, dirigint fan de fanfare en foaral, at it om it wolwêzen fan syn beide dochters giet, en ûnberekenbere driftkop.

SUZAN, iene helte fan de twilling, flot, sjarmant, troch alle wetters wosken sa kreas, en de ferloofde fan FRANK. Skroomt der net foar, om yn de hûd fan har suster JENNY te krûpen, set dan in prûk en bril op en praat mei in Ingelsk aksint.

DEKOR:

Alle trije bedriuwen spylje har ôf yn de timmerwurkpleats fan Kees Stikkelbroek. Alles wurdt beskreaun as sjoen fan út de seal. Yn de linker koarte kant sit in doar nei de privee - fertrekken, yn de brede achterwand sit de bûtendoar. Dizze kin wat robúster wêze as de oare doar. Links fan de bûtendoar sit in finster. Sawol finster as doarren sitte ûnder in laach stof, sa't dat yn in timmersaak gebrûklik is. Rjochts achter is in wurkbank mei alderlei ark en plankjes derop. Ek stean der wat stuollen dy't makke wurde moatte. Links achter in sirkelseage, mei dernjonken in steapel planken. Under de seage in bultsje seachmoal. Rjochts foar in grutte bult, besteande út seachmoal en houtspuonnen, de bult is sa grut dat in folwoeksen mins der mei gemak op sliepe kin. Oeral oan de wanden sitte rekken en bakjes mei alderlei materialen en houten ûnderdielen, en ek oeral ferstoppe healfolle en folle fleskes bier. De wurkpleats makket yn syn totaliteit in gaoatyske yndruk. Oeral tsjin de kanten stean planken en yn ien fan de hoeken stiet in spaanplaat. Ergens stiet in âld potkachel mei in stik piip derop, oeral lizze dingen, sa as in boarmasine, houten hammer, skaven ensafuorthinne. Koartwei sein: in echte timmerwurkpleats, snústerich en net opromme.

EARSTE BEDRIUW

(Kees leit op de bult houtspuonnen te sliepen, hy snoarket by 't leven, in snústerige tekken oer him hinne)

KEES: *(wurdt wekker, sjocht ferdwaasd om him hinne, hân oan de holle, praat as ien sûnder gebit)* Ferdeald, dy kop fan my! *(dan, hân foar de mûle)* En wer soe ferdeald myn gebit bedarre wêze? *(taast om him hinne yn de spuonnen, komt muoisum oerein en siket yn de rekken en bakjes, nimt hieltyd slokjes út de fleskes bier dy't er tsjinkomt, dan siket er wer yn de bult spuonnen)*

SELMA: *(is yntusken opkommen fan links, iroanysk)* In wûndermoaie goemoarn. En eh, moat ik der fan útgean dat myn oare helte wat siket?

KEES: Ah, Selma, leave, witsto soms wêr't ik myn gebit...?

SELMA: *(bout him nei)* 'Witsto soms wêr't ik myn gebit...?' Ja, ik wit it! *(hellet it út de skelksbûse)* Tafallich kaam der fanmoarn in fûgeltsje ta de sliepkeamer ynfleanen en sei tsjin my dat myn dierbere oare helte straalbesopen fan it simmerfestival fan de fanfare thúskommen wie en syn gebit ferlern hie.

KEES: *(nimt it fluch oan, draait him even om en docht it yn, of at de spiler gjin falske tosken hat, dan lit er it oars ferdwine, fanôf dat stuit praat er wer 'normaal')* Ik wist doch dat ik it op it nachtkastke lein hie, foar dat ik by dy op bêd krûpte.

SELMA: Do by my op bêd? Doe'tst fanmoarn om healwei seizen stomdronken thúskaamst, bist net fierder kommen as hjir.

KEES: *(hâldt de holle beet)* Wêr... wêr wie it dan?

SELMA: Eugenie brocht it fanmoarn. In gebit, dêr't guon fan de tosken ferfongen binne troch houtene, kin net oars as fan in timmerman wêze, tocht se.

KEES: Eugenie? De húshâldster fan de pastoar?

SELMA: Presys. Se hat dyn bytapparatur fanmoarn betiid yn de goate foar de pastorijs fûn.

KEES: *(ûnleauwich)* Foar de pastorijs? Dat kin doch net!

SELMA: 't Wurdt hieltyd slimmer mei dy! Ferline jier ek al. Doe ha se dyn gebit út it húske fiskje moatten!

KEES: Mar leave, 't kin doch net! 't Feest wie ommers yn de seal fan de Blauwe Okse, en dat is hielendal oan de oare kant fan 't doarp! Nee, nee, dan moat ien it stellen ha.

SELMA: *(húnjend)* Mar wis en seker. Miskien Eugenie wol, of menear pastoar sels?

KEES: Menear pastoar kin net, dy is ûnderweis nei Lourdes. Mar syn

húshâldster sjoch ik der wol foar oan.

SELMA: (*poerrazen*) Ik leau, datst noch altyd net by sûp en stút bist! Wolst sa'n âld frou der fan betichtsje dat se dyn gebit stellen ha soe? Skamje moatst dy. Eugenie wie ek op it feest, dat kloppet. Mar dy is om healwei tsienen al nei hûs gongen! Der binne ek noch minsken dy't, yn tsjinstelling ta dy, witte hoe 't it heart!

KEES: Likegoed, ek at se sa betiid al nei hûs gongen is, kin se myn gebit noch meinommen ha.

SELMA: O sa. Wie menear de timmerman dan om healwei tsienen al sa fier hinne, dat 'm syn gebit út de mûle fallen is sûnder dat er it murken hat? Sil ik dy es wat sizze, Kees Stikkelbroek? Atsto sa trochgiest, dan pak ik myn koffers en ferhúzje ik nei ús mem!

KEES: Nei jim mem? At ik mar net mei hoech, dan ha ik der neat op tsjin.

SELMA: (*poerrazen*) Ek noch bretaal wurde?! (*se jout him in dúst, hy falt op de rêch yn de bult spuonnen*) Bliuw dêr mar lizzen om dyn rûs fierder út te sliepen, ûnfatsoenlik stik fretten! (*ôf nei links*) En mei sa'n ûnbehouwen flerk bin ik troud! At ik dat doedestiids... (*ôf*)

KEES: (*hâldt de holle beet*) O, o, myn earne kop! En dan rint sy ek noch sa tekear te gean! (*krabbelt oerein*) En in toarst sis ik dy, toarst! (*pakt ergens in fleske wei*) De hiele strôt is my droech fan al dat getetter! (*nimt in ferme slok*) Haaa, dat docht... (*stiket, omdat er in ljedder stean sjocht, hy rekket dy oan*) In ljedder? Hoe komt dy hjir no? Juster stie dy der noch net... en ek noch in ôfbrutsen sport! (*klaut 'm de kop*) Momintsje, in ljedder. Fannacht wie der doch wat mei in ljedder... mar ik wit net mear wat! (*hy dekt de ljedder ôf mei de tekken, dêr't er earst ûnder lei te sliepen*) Myn gefoel seit my lykwols, dat it net folle goeds wie. Dêr kin foar de wissichheid mar better even gjin frjemde eagen oer gean.

FRANK: (*komt op fan links mei in sleauwe kop, hat allinne in lange broek oan, syn boesgroen hat er yn de hân en yn de oare hân hat er in finsterlûk mei in hert yn 'e midden*) Ek goemoarn... Sis, hat mem dy kreksa op 'e donder jûn as my? Luts de tekkens fan my ôf en skopte my sawat fan 't bêd ôf, mei it boadskip dat ik nei it moarnsmiel fluitsje koe! Hasto in idee wat der oan mankearret?

KEES: Net yn 't minst. Tsjin my die se ek al sa lilik. Tink dat se yn de oergong sit.

FRANK: No ja, ik krige yn elk gefal gjin kâns om wat werom te sizzen. (*set it lûk op in stoel, lûkt syn boesgroen oan*) Mar eh, wie my dat even in sûperij justerjûn, netwier?!

KEES: O ja. Mar it neidiel fan jimme, jonge muzikanten, is, dat jim gjin maat witte te hâlden.

FRANK: Ho, ho, heit, dêr moatsto noadich wat fan sizze! Ik seach noch, hoe'tst de frou fan de foarsitter ûnderstboppe holdst, omdat by it dûnsjen dyn gebit yn har brievebus fallen wie.

KEES: *(op syn iepenst)* Gebit? En? Ha ik it werom krigen?

FRANK: *(spottend)* O ja, want do hiest der gjin postsegel opplakt! Gosje sis! En doe'tst it wer yn hiest, hast fan poere gekheid dûnse as in Kozak. Op in tafel notabene, in hiel rezjimint sokoppen en bierglêzen fleach troch de loft en de boargemaster koe net gau genôch fuort komme en dy siet ûnder de fermiselly.

KEES: *(fertwivele)* O hearejekes, útrekkene de boargemaster!

FRANK: En de hiele seal lei krom, doe'tst 'm dêrnei útleist, dat at er wer es spuie moast, hy dat better bûten by de hage dwaan koe!

KEES: *(hannen foar it gesicht, ûntset)* O nee! En wat sei er?

FRANK: Tinkst dat dy de kâns noch krigen hat om wat te sizzen? Yn dat tumult? En boppedat wie by my tsjin dy tiid it ljocht ek hast wol út.

KEES: Dan witsto dus ek net folle mear oer fannacht?

FRANK: Net folle mear? Totaal neat mear! Ik bin in hiel stik fan de film kwyt. Wit allinne, dat der wat gebeurd wêze moat *(doelt op it lûk)* mei dat finsterlûk hjir. Oars hie it net ûnder myn kessen lein fanmoarn.

KEES: Mar do moatst doch minstens witte wêr'tst it wei hast!

FRANK: Dat is krekt it probleem, heit! 't Is fan it hûs fan Stoop, ús dirigint!

KEES: Fan Stoop? Dyn takomstige skoanheit? Ha, ha, dan hast ek gjin probleem. Ik ken dat doch! Do woest fansels stikem by Suzan nei binnen, troch it sliepkeamersrút. En do wiest sa dronken datst dy oan dat lûk fêsthouden hast en doe bist nei ûnderen kukele.

FRANK: Nee heit, nee! Net by Suzan. En **dat** is myn probleem! Dit lûk is fan Jenny har rút! Allinne Jenny hat lûken mei sa'n hert derop.

KEES: Jenny?

FRANK: Ja, ja, de twillingsuster fan Suzan. Is in jier of tsien ferlyn mei har muoike nei Amearika ferhuze en no even thús mei fakânsje. En witste, foar dat se fuortgong ha ik wat gedoente mei har hân. En wa wit wat fannacht... Man, ik kin net sizze, dat ik my echt happy fiel.

KEES: Sitte wy mei-inoar yn 't selde skip, *(doelt op de ljedder)* want wat tinkst hjirfan? *(lûkt de tekken fan de ljedder)* Moat doch ek wat fan fannacht wêze. Of net soms?

FRANK: Finsterlûk en ljedder, dat past ergens by elkoar. Hasto der dan soms wat mei te krijen? *(fielt yntiid oan de bûsen)*

KEES: Wêrmei?

FRANK: Wit ik ek net. Mar eh, hast net in pear losse euro's foar my? Ik wol even sigaretten helje.

KEES: *(grypt nei de beurs)* Momintsje... *(siket fergees)* Wêr ha ik dan

no... kristemenikes, ik bin myn beurs kwyt!

FRANK: (*sjocht om him hinne*) Hoe sjocht dy der út?

KEES: Dat witst doch! Donkerbrún mei in rits en in drukknop. Ha ik al fyftjin jier.

FRANK: Is dy beslist út de bûse fallen, doe'tst fannacht mei Otto op de taap stiest en jim de broek sakje lieten.

KEES: (*ferstuivere*) Wat ha wy dien?

FRANK: De broek sakje litten. Jim hiene mei de frou fan de kroechbaas wedde dat se it net oandoarst om jim fuotten te skearen.

KEES: En? Ha wy it wûn?

FRANK: Nee, sy.

KEES: (*grypt nei de fuotten*) Dêrom fielt it sa kâld fan ûnderen.

SUZAN: (*op troch de bûtendoar*) Moarn, de hearen Stikkelbroek! (*Frank krijt in tút op de wang*) Hoi leave. Let wurden fannacht, netwier. En leave sei, wat sjochsto der pipsk út!

FRANK: (*is linkendewei sa stean gongen dat er it finsterlûk sawat ôfdekt*) ha... hallo... Su... Suzan! Le... let seist? En eh, hoe... hoe let bisto dan fuortgongen?

SUZAN: (*sjocht him ûnleauwich oan*) Do wolst my doch net fertelle datst dat net mear witst!

FRANK: Mar seker wit ik dat! Alles wit ik noch! Hiel presys sels, o ja!

SUZAN: Aha. En hoe let bin ik dan nei hûs gongen?

FRANK: Dat sil sa tsjin eh, ik tink om healwei... nee, nee, 't soe bêst al kertier foar wêze kinnen ha.

SUZAN: (*wantrouwend*) Sis, wêrom stiesto hjir sa raar te stean? (*wol achter him sjen, hy besiket dat tefoaren te kommen*) Ferbergest dêr soms wat?

FRANK: N... nee, eh, n... neat belangryks yn elk gefal. Net de muoite wurdich.

SUZAN: No, dan kinst it my ek wol sjen litte.

FRANK: N... nee Sanneke, d... dat moat noch geheim bliuwe. 'n Krystkadootsje foar mem, begrypst?

SUZAN: Hee sis, sûnt wannear hasto geheimen foar my? (*triuwt him oan kant*) Asjebileaft sis! Is dat even in raar Krystkado! En dat lûk komt my wol sa bekend foar!

FRANK: Bestiet net Sanneke, want dat is it lûk fan eh, fan eh... o ja, presys, krekt wat ik sei, dêr is 't fan!

KEES: (*foar him út, húnjend*) Dat is pas in útflecht! Tsjonge, tsjonge! Om de triennen fan yn de eagen te krijen!

SUZAN: Harkje freon, dit lûk is fan it sliepkeamersrút fan Jenny! (*skerp*) Frank Stikkelbroek, wat moatsto mei it finsterlûk fan myn suster?

KEES: (*foar him út*) Kom, okse, lit dy wat te binnen sjitte!

FRANK: W... witste, d... dat sit sa. Wy woene, of better sein, heit woe eh...

KEES: Hee, hee, makker! Wat woe heit? Ik help dy sadaliks in hantsje!

FRANK: W... witste, ik woe eh...

KEES: Hy woe by dy nei binnen slûpe, Suzan, dat is doch logysk!

FRANK: Presys, sa wie 't! Ik woe dy ferrasse, Sanneke, en doe bin ik...

KEES: En doe hat er it ferkearde finster útsocht, dat fan Jenny. Soe elkenien oer komme kinne, netwier.

FRANK: Moatst neigean, ja, hielendal by fersin it ferkearde finster! Soe ommers elkenien gebeure kinne, netwier. En doe ha ik eh...

KEES: Doe hat er in stien tsjin it rût smiten, om Jenny wekker te meitsjen, eh, om dy wekker te krijen, omdat er ommers tocht datsto dêr slieptest.

FRANK: Sa is 't gongen, ja! Doe ha ik in stien tsjin it rût oan smiten, om Jenny wekker te krijen, eh, om dy wekker te krijen, omdat hy tocht, eh, omdat ik tocht, datsto dêr slieptest. En doe bin ik... dan is eh...

SUZAN: (*skerp*) Allee, fierder! Wat wie der doe?

FRANK: Doe eh, doe is dat lûk nei ûnderen dondere. En moatst neigean sis, ek noch presys op myn kop! (*hân oan de holle*) Hjir, fiel mar atst wolst, in bult fan je welste! En eh, omdat it nei ûnderen dondere is, is it no stikken en sil heit it meitsje.

KEES: (*yn himsels*) Sa'n klets koeke! Hy hie doch wol wat betters betinke kinnen.

SUZAN: Soa, soa, dat lûk is dus presys op dyn holle fallen?

FRANK: Sa't ik al sei, ja, presys op myn holle!

SUZAN: Ik freegje my yn alle earnst ôf oftsto sels net op de holle fallen bist. Do tinkst doch seker net dat ik dy fantasijkes leau? Sjochst my soms foar swaksinnich oan? Do hast my bedondere! Bedondere mei my eigen twillingsuster! En dat sa flak foar ús trouwen!

FRANK: Se sjocht der ommers ek krektlyk út as do, teminsten, at se de bril net op hat. En at it dan ek noch tsjuster is...

SUZAN: (*gûlt fan lilkens*) Do ûnbetrouber suzjet!

KEES: (*jout Frank in dúst*) Hoe kinst ek safolle ûnsin by elkoar fantasearje! Jou har teminsten in bûsdoek en sis wat aardichst tsjin har!

FRANK: Mar leave doch! Der is doch hast neat... eh, doch hielendal neat gebeurd en boppedat wie ús heit der ek noch by.

KEES: Hee sis, bist no hielendal besoademitere?!

SUZAN: En mei soks sitte je dan trouplannen te meitsjen!

FRANK: (*fielt yn de broeksbûse*) Wachtsje Sanneke, hjir hast myn bûsdoek. (*triuwt har in frouljusslipke yn de hannen*) Kinst dy es goed útgûle en dan... (*stiket fan ûntsetting*)

SUZAN: *(besjocht it slipke mei grutte eagen, jout him dan in klets om de kop)* Wolst my soms hielendal foar aap sette, do achterbakse rotsak! *(slacht him mear as ien kear mei it slipke om de kop en smyt it him dan nei 't gesicht)* Trouwe wol menear! O ja! It is de fraach allinne mei wa! *(nei de bûtendoar)* Do huchelder! *(ôf)*

KEES: *(droech)* Dat wie yn elk gefal goed raak!

FRANK: *(fielt mei de hân oan de wang, pakt it slipke op en steekt it yn de bûse)* Om de ferdomme, dat fielst! Ik leau dat se knettergek wurden is!

KEES: At hjir ien knettergek is, dan bisto it wol! It bern sokke baarlike nonsens foar te hâlden. En dan dat slipke! Wêr hast dat yn godsnamme wei?

FRANK: *(wanhopich)* Hoe moat ik dat no witte? Ik ha gjin flau idee! Stel je foar, dat der fannacht doch wat earnstichs...

JOHAN: *(op troch de bûtendoar, plysje-unifoarm oan, dat wol sizze, in tsjinstjaske en dito pet, mar de broek falt alhiel út de toan. Hy hat in ôfbrutsen sport fan in ljedder by him)* Hallo, de mannen. Ek wer boppe wetter? It wie oars it nachtsje wol! Tsjonge sis!

KEES: Fertel my wat! Ik leau dat we op 't lêst allegear ús besinning kwytrekke binne.

JOHAN: Dat hoechst net te leauwen, dat is in fêststeand feit. Mar eh, oer kwytreitsjen praat: witsto dat ik sûnt justerjûn myn sulveren tabaksdoaze mis?

FRANK: Hoechst dy gjin soargen oer te meitsjen. Dyn inisjalen stean derop, dus dy hast sa werom.

JOHAN: Litte we 't hoopje. Mar eh, ha jim net wat te drinken. Ik fergean fan de neitoarst! *(Kees is al ûnderweis nei it rek)*

FRANK: *(spottend)* Ho ho sis, en hat ús grutte hoeder fan it gesach dan soms gjin tsjinst?

JOHAN: *(nimt de flesse oan fan Kees)* Tsjinst is tsjinst en bier is alkohol. *(nimt in ferme slok)* Freegje my allinne ôf, wa't myn tabaksdoaze stellen hat. En at ik dy bandyt te pakken krij, dy't my in dreun mei in ljedder jûn hat: de himel mei him genedich wêze!

KEES: *(stiif fan de skrik)* Ljedder, seist?

JOHAN: *(docht de pet ôf, smyt dy op de bulte spuonnen en wiist op de holle)* Hjir, achter op de kop *(besiket it oan te wizen)* in bult as in dowe-aai, sis ik dy! Dúdlik it resultaat fan in klap mei de ljedder!

KEES: *(lûkt it kleed goed oer de ljedder hinne)* Hoe eh, hoe komst der no by dat dat fan in ljedder komt?

JOHAN: Eksakt wit ik it net, of better sein, ik wit hielendal neat mear. Mar doe't ik fanmoarn wekker waard, die my de kop sear sis ik dy! Ik fiele, en wat tinkst? Bloed oan de fingers! *(lit de ôfbrutsen sport sjen)*

En dit lei neist my op de brits yn de sel.

FRANK: Yn de sel?

JOHAN: At ik tefolle dronken ha, arrestearje ik my sels altyd en sliep op it buro yn de sel. Is feiliger as wannear't ik yn dy tastân myn frou ûnder eagen komme soe.

KEES: (*nerveus, doelt op de sport*) En eh, wat moat dat foarstelle?

JOHAN: Sjochst dat dan net? Dat is doch dúdlik in brutsen sport fan in ljedder! Fan in ljedder, sis ik dy, dêr hat dat ûngelok my mei nei gychem helpe wollen! Mar at ik dat stik fertriet te pakken krij, is hy noch net jierdei, dat wik ik dy!

KEES: (*benaud*) En eh, wa wie 't?

JOHAN: Dy ynbrekker fansels, wa oars?

KEES: Ynbrekker? Hoesa ynbrekker?

JOHAN: 't Kin ommers gjinien oars west ha! Ik ha 'm doch seker net foar neat achternei sitten!

KEES: Hasto 'm achternei sitten?

JOHAN: Logysk. At ik dat net dien hie, soe er ek gjin kâns hân ha om my mei dy ljedder op de kop te timmerjen! Soks neame wy yn faktermen: kriminele rekonstruksje fan in strafber delikt.

KEES: En dy hat dy samar mei dy ljedder oer de bol strutsen?

JOHAN: Dat moat wol. Hoe soe ik oars (*wiist op de bult*) sa'n dikke bult op de kop krije?

KEES: En do witst it hiel seker?

JOHAN: Sa wier as at ik opperwachtmaster Johan Gelders bin! Foar de folle hûndert prosint seker! Dat wol sizze, ik kin my net foarstelle hoe 't it oars gongen wêze moat.

KEES: Dus eins is it net mear as in fermoeden.

JOHAN: Hoesa fermoeden? Ik dedusearje en rekonstruearje, dat is myn wurk. En yn in gefal as dit, sprekke de bewizen gewoan foar himsels. (*doelt op de sport*) Hjir, it korpus delikt. (*hat yntusken in opskriuwboekje foar 't ljocht helle en skriuwt*) Stikkelbroek, Kees, gehoord als getuige – deskundige in de zaak 'poging tot doodslag van in onbekende tegen J.Gelders'. Is genoemd stuk hout aan te merken als zijnde een onderdeel van een ladder?

FRANK: In opskepleppel is 't yn elk gefal net. Dat sjoch ik sels noch wol, alhoewol't ik gjin timmerman bin.

JOHAN: (*skriuwt*) Ik notearje: 'Het moordwerktuig werd ondubbelzinnig als opscheplepel, eh, herstel, als sport van een ladder, geïdentificeerd! (*tsjin Frank*) En atst noch es sokke ûnsin útkreamest, klei ik dy oan fanwege opsetlike mislieding fan it hegere gesach, begrepen?! Sa, no bin we de dieder al in moai ein hinne op 't spoor. Dat wurdt, sels at ik it foarsichtich sis, op syn minst fiif jier tuchthûs!

KEES: (*klaut him achter it ear*) Fiif jier, seist? (*út de flecht wei sjocht er troch it rú*) Dat wol dus sizze... Hee, dêr komt dyn frou oansetten! Wit se soms datst hjir bist?

JOHAN: (*skrokken*) O leave sei, nee sis! Help my, Kees, do moatst my ferstopje! Ik bin fannacht ommers net thús west en at se my te pakken krijt kinst wol in kiste foar my meitsje.

KEES: (*pakt de spaanplaat dy't tsjin de muorre stiet*) Kom, gean mar yn de hoeke achter dy plaat stean en hâld dy koest! (*set de plaat foar Johan del*) Sa sjocht se dy net!

JOHAN: O wee, at dit mar goed giet!

RITA: (*kordaat op troch de bûtendoar, se hat in stôk yn de hân*) Wêr is er?

FRANK: (*ûnskuldich*) Wa?

RITA: (*siket al*) Dy âld mantsjeknyn fan my! sil him hjir wol ferstoppe ha!

KEES: (*leunt tsjin de spaanplaat*) Johan bedoelst? Dy hat 'm hjir hjoed noch net sjen litten.

RITA: De hiele nacht net thúskomme! De lamstraal! It hiele doarp hat it der oer, hoe't er fannacht de bist úthongen hat! (*sjocht de plysjepet op de bult spuonnen lizzen*) Ah, hjir bist, do aaklik misbaksel! Mar ik sil dy (*se slacht faak en ferwoest ta*) Do ûntychlike nachtbraker! Drankwein, datst bist! Hjir hast dyn fet!

FRANK: Hâld op, Rita, dêr is er net! Sparje dyn krachten leaver foar letter.

RITA: (*pûlket yn de bult om*) O nee? Mar dat jout neat! It wie yn elk gefal in goede oefening, want krije doch ik him doch wol en dan krijt er der fan lâns, dy doerak!

KEES: Kom no Rita, soest earst Selma net even goeie sizze? Ik bin der wis fan dat jim mekoar noch wol it ien en oar te fertellen ha.

RITA: En atst dat braakmiddel fan my tsjinkomst, sis dan mar, at er my troch de hannen west is, dat se 'm alhiel opnij yn elkoar sette moatte. (*nei links*) Selma, hat dat sûpkeal fan dy him justerjûn soms ek sa... (*ôf*)

KEES: (*docht de spaanplaat oan kant*) Gosje, keardel, hasto even gelok hân! Dy hie dy sa wier at ik it sis, finaal yn elkoar raamd.

JOHAN: (*siket syn pet en set dy op*) Dat wie gjin gelok, mar beropûnderfining. (*nei de bûtendoar*) In plysjeman moat altyd dêr wêze, dêr't men him brûke moat en der boppedat hieltyd foar soargje, dat dat ergens is dêr't gjin gefaar foar himsels is. En dêrom moat ik no soargje dat ik hjirwei kom. (*ôf*)

FRANK: Sis heit, wêrom hasto eins mar ien skoech oan?

KEES: (*hat it no sels earst yn de gaten*) Ik soe mar ien... Och heden,

ja, ja, mar wêrom eins net? Hjoed-de-dei is it doch modern, at je der oars by rinne as de rest. De iene rint mei in ring troch de noas, de oare hat ien skoech oan! No en?

FRANK: Ik foar my tink datsto dy skoech fannacht ferlern hast op in needlottich plak en it sil my benije wêr't er opdûke sil. Mar ik bin bang...

EUGENIE: (*komt yntusken op troch de bûtendoar, hat in grutte hantas by har, troanet Johan oan de earm mei, rattelt as in mitrailleur*) ...fanmiddei einlings, nei twa wiken, wer werom fan de reis nei Lourdes en ik ha him plechtich beloofd, dat ik dan in pear stjonksyskes, snijd yn hapkleare brokjes, sa't er dat fan my wend is – op in bedsje fan fjildslaad en wat snippere sipels – foar 'm klear stean ha soe, omdat menear pastoar, in yngoed kristlik minske, dat witte jo sels ek wol, dêr sa slij nei is! En sadwaande ek dat eh...

JOHAN: (*sjocht mei soargen nei de doar links, ûnderbrekt har*) Ja, ja, Eugenie, seker. It docht my werklik goed dat menear pastoar sa slij nei stjonktsiis is, mar ik moat no wier fuort (*wol fuortgean*) want at myn frou sadaliks komt...

EUGENIE: (*hâldt him stiif beet, rattelt fierder*) En sadwaande ek, dat ik myn belofte neikomme wol, menear de opperwachtmaster. Mar no hie ik dy stjonksyskes yn de finsterbank fan myn sliepkeamer yn de pastorij lein, sadat de hiele koelkast der net nei stjonke soe, want dat krijst der yn gjin dagen wer út. Dat witte jo sels ek wol. Dêrom ek, dat ik praktysk altyd de stjonksyskes yn de finsterbank lizzen ha, omdat menear pastoar der sa'n leafhawwer fan is, witte jo wol. Boppedat binne dy tsyskes ek ideaal tsjin alderlei ûngedierte, want dêr ha je nachts dan totaal gjin lêst mear fan. En sjoch, menear de opperwachtmaster, no komt...

JOHAN: (*ûnderbrekt har wer*) Eugenie, no harkje, ik moat wier driuwend fuort, want at myn frou eh...

EUGENIE: (*hâldt 'm stiif beet*) En no komt it, menear de opperwachtmaster, want sjogge jo, ik wit no wêr't it fannacht allegear om te dwaan west is, nammentlik om de stjonksyskes fan menear pastoar, want dy binne út de sliepkeamer stellen, samar út de finsterbank pikt. En ik tocht, dat jo dit wol even witte moasten en boppedat woe ik der ek...

JOHAN: (*besiket him los te meitsjen*) Asjebleaft, Eugenie, lit my no doch gean, jo mei dy stjonkdingen fan je! Ik moat no werklik gean!


EUGENIE: (*hâldt 'm stiif beet*) Boppedat woe ik ek even ynformearje nei hoe't it no mei jo giet, nei dat jo fannacht yn myn sliepkeamer sa mei de dief wraksele ha. Hooplik binne jo dêr by net ferwûne rekke.

JOHAN: (*ferstuivere*) Wat ha ik fannacht?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto